



Fûnemint foar moarn

Koälysje-akkoart De Fryske Marren 2022-2026



FNP, CDA, PvdA en GroenLinks

5 july 2022

Koälysje-akkoart 2022-2026



Lêswizer

Navigearje yn dit dokumint

Yn dit dokumint hat it de foarkar om te navigearjen troch te klikken op knoppen, pylken en / of (hyper)links. En net te 'swipen' troch it dokumint. De navigaasjeside (homepage) jout fisueel goed wer hoe 't dit dokumint opboud is. Op eltse side kinne jo navigearje ûnderoan jo skerm troch it navigaasjeblok. →



Troch it dokumint hinne kinne jo ek gebrûk meitsje fan oare wizen fan navigearjen troch wurdlinks, knoppen en of pylken, lykas

[Nei de navigaasjeside ▶](#)

Wy winskje jo in soad lêswille.

Dit dokumint is test

Dit dokumint is mei grutte soarchfâldigens makke. En wiidweidich test yn ferskate apps op in Apple iPad. Mochten jo dochs problemen hawwe mei it lêzen en navigearjen yn dit dokumint kinne jo it op in desktopkompjûter iepenje. Yn Adobe Acrobat Reader op in desktopkompjûter wurket it dokumint goed en ek yn ferskate ynternetbrowsers op in kompjûter is dit dokumint test.

| | | |
|----------------------------------|--------------------------|----|
| <input checked="" type="radio"/> | Lêswizer | 2 |
| <input type="radio"/> | Ynlieding | 3 |
| <input type="radio"/> | Navigaasjeside | 4 |
| <input type="radio"/> | Algemien | 5 |
| <input type="radio"/> | Finânsjes | 7 |
| <input type="radio"/> | Bestjoer en organisaasje | 8 |
| <input type="radio"/> | Romte | 10 |
| <input type="radio"/> | Ekonomy | 13 |
| <input type="radio"/> | Leefberens en ûnderwiis | 15 |
| <input type="radio"/> | Sosjaal domein | 17 |

Mei dizze ↑ 'paadwizer' kinne jo yn it hiele dokumint daliks nei de neamde haadstikken klikke.



Ynlieding

As nije koälysje hawwe wy keazen foar in koälysje-akkoart op haadlinen. Dit dokumint hat sadwaande in heech abstraksjenivo. Yn it akkoart befêstigje wy net allinnich belangrike ûnderdielen fan it besteande belied, mar bringe wy krekt kleur oan troch it ferwurdzjen fan ús ambysjes. Soms gean wy ek konkreter op saken yn, bygelyks fanwegen it spesifike belang of de gevoelichheid. Mei dit akkoart op haadlinen jouwe wy ek romte oan de folsleine gemeenteried en de mienskip fan De Fryske Marren om ynfloed te hawwen op de útwurking en útfiering.

It kolleezje bestiet de kommende perioade, neist de boargemaster en de gemeentesekretaris, út seis wethâlders. Yn totaal besette dy wethâlders fiif formaasjeplakken (5 fte). Lykas ek ferwurde yn it eiferslach fan de ynformateur, is dat yn line mei de ferantwurdlikheid fan de bestjoerders en de opjeften dêr't it kolleezje de kommende tiid foar stiet. De taakferswierring foar it lokale iepenbiere bestjoer is ûnmiskenber en sil neffens ferwachting allinnich mar fierder tanimme.



| | | |
|----------------------------------|--------------------------|----|
| <input checked="" type="radio"/> | Lêswizer | 2 |
| <input type="radio"/> | Ynlieding | 3 |
| <input checked="" type="radio"/> | Navigaasjeside | 4 |
| <input checked="" type="radio"/> | Algemien | 5 |
| <input checked="" type="radio"/> | Finânsjes | 7 |
| <input checked="" type="radio"/> | Bestjoer en organisaasje | 8 |
| <input checked="" type="radio"/> | Romte | 10 |
| <input checked="" type="radio"/> | Ekonomy | 13 |
| <input checked="" type="radio"/> | Leefberens en ûnderwiis | 15 |
| <input checked="" type="radio"/> | Sosjaal domein | 17 |



Navigaasjeside



Algemien

Takomstfisy De Fryske Marren

Koartlyn hat de gemeenteried de mearjierrefisy 'Brede Welvaart voor De Fryske Marren, visie tot voorbij 2030' fêststeld. Yn dy fisy jouwe wy oan wat foar gemeente wy wêze wolle, no en yn de takomst. De mearjierrefisy biedt sadwaande in goed fûnemint foar de nije koälysje, dêrom de namme foar dit akkoart: 'Fûnemint foar moarn'.

Under brede wolfeart ferstean wy de kwaliteit fan it libben, net allinnich yn it hjir en no, mar ek foar de generaasjes nei ús. Dêrneist giet brede wolfeart oer de gefolgen fan it ynrjochtsjen fan ús mienskip op kwaliteit fan libben op oare plakken yn de wrâld. Dy kwaliteit fan libben wurdt yndield oan de hân fan ekonomyske, sosjaal-kulturele en ekologyske tema's. Dêrmei slute wy oan by de Sustainable Development Goals (SDG's). Dy SDG's binne de troch de Feriene Naasjes fêststelde ûntwikkelingsdoelen om in bettere takomst nei te stribjen.

De fisy kleuret it te ûntwikkeljen belied foar de takomst fan De Fryske Marren en foarmet dêrmei in belangrike grûnslach foar dit koälysje-akkoart.

Utfieringsprogramma kolleezje

It nije kolleezje sil op koarte termyn in útfieringsprogramma foar dizze riedsperioade opstelle op basis fan dit koälysje-akkoart. De ried stelt it útfieringsprogramma fêst. Dêrmei krijt de folsleine ried de mooglikheid om ynfloed út te oefenjen op it te fieren bestjoer.

Underdiel fan it útfieringsprogramma is ek de troch de ried fêststelde riedsagenda. Beide dokuminten binne de belangrykste fiedingsboarne foar de Lange Termyn Agenda (LTA). De LTA is de paadwizer foar de kommende bestjoersperioade en wurdt boarge yn de P&C-syklus.

Meitinkjûn 12 maaie 2022

Op de Meitinkjûn fan 12 maaie 2022 hat de nije ried de kâns krigen om ynbring te hawwen op it te fieren belied. De opbringst is foar in part ferwurke yn dit akkoart. De mear detaillearre ynbring (ynklusyf de skoare fan dy ynbring) is as bylage oan dit akkoart taheakke.

| | |
|----------------------------|----|
| ☉ Lêswizer | 2 |
| ☉ Ynlieding | 3 |
| ☉ Navigaasjeside | 4 |
| ● Algemien | 5 |
| ☉ Finânsjes | 7 |
| ☉ Bestjoer en organisaasje | 8 |
| ☉ Romte | 10 |
| ☉ Ekonomy | 13 |
| ☉ Leefberens en ûnderwiis | 15 |
| ☉ Sosjaal domein | 17 |



Aktuele ûntwikkelings

Yn De Fryske Marren wurde wy ek rekke troch mondiale ûntjouwings, lykas de oarloch yn Oekraïne, de flechtlingekrisis, de stikstofproblematyk en de koroanakrisis. Dat hat maatskiplike en sosjale gefolgen foar ús ynwenners en ûndernimmers. Sa rint it kontrakt foar it hjoeddeistige tydlike AZC yn Balk ein 2023 ôf. It leit yn de ferwachting dat it COA in berop op ús docht foar in mooglik permanent AZC earne yn ús gemeente. Op dat momint meitsje wy de ôfwaging.

De ôfrûne perioade is de hiele wrâld ek rekke troch de koroanakrisis. De gemeente hat syn uterste bêst dien om yn oanfolling op de ryksregelings ús ynwenners, ferienings, bedriuwen en ynstellings te stypjen by it opfangen fan de gefolgen fan dy krisis. De grutte ympakt op de mienskip hat grif noch in lange neiwurking. Dêrom sille wy soargje foar stipe, sawol yn materiële as ymmateriële sin oangeande de leefberens fan de leef- en wurkomjouwing.



Finânsjes

It finansjele perspektyf fan de gemeente nei 2025 is noch ûndúdlik, lykas bliken docht út de resinte maaiesirkulêre en de perspektyfnota 2023. Dy ûnwissichheid wurdt benammen feroarsake troch it regear, dat noch gjin ynsjoch jout yn de ûntwikkeling fan it gemeentefûns fan 2026 ôf. Dat is de wichtichste boarne fan ynkomen foar de gemeenten. Dat betsjut dat wy realistysk wêze moatte en ús net finansjeel fêstlizze kinne foar it dwaan fan útjeften dêr't gjin dekking foar is. Wy moatte ek realistysk wêze mei it each op de resinte ynflaasje en boukosteûntjouwing.

Dochs ferwurdzje wy yn dit akkoart ús ambysjes foar de kommende jierren en gean wy dêrmei oan 'e slach. Op it stuit dat de finansjele perspectiven der wol binne, wolle wy ree wêze foar de takomst. Ek sette wy yn op Europeeske fûnsen. Dêr't finansjele romte ûntstiet, sette wy dat yn foar nij belied. Sadat wy de plannen en ynvestearrings dy't winsklik binne foar ús gemeente ek werklik en flot realisearje kinne. Ommers: "in goed bestjoer is op syn takomst taret!"



| | | |
|-----------------------|--------------------------|----|
| <input type="radio"/> | Lêswizer | 2 |
| <input type="radio"/> | Ynlieding | 3 |
| <input type="radio"/> | Navigaasjeside | 4 |
| <input type="radio"/> | Algemien | 5 |
| <input type="radio"/> | Finânsjes | 7 |
| <input type="radio"/> | Bestjoer en organisaasje | 8 |
| <input type="radio"/> | Romte | 10 |
| <input type="radio"/> | Ekonomy | 13 |
| <input type="radio"/> | Leefberens en ûnderwiis | 15 |
| <input type="radio"/> | Sosjaal domein | 17 |



Bestjoer en organisaasje

Bestjoere kinst net allinnich; dêr is ferbining foar nedich tusken de mienskip, de gemeenteried, it kolleezje en de gemeentlike organisaasje. In goede gearwurking stiet dêrby foarop en is belangryk by de útfiering fan ús taken. Wy wenje en wurkje yn in gemeente mei in soad mooglikheden. Dêr'tst folop de romte hast en krijst; om te ûndernimmen, te wenjen en om dy te fermeitsjen. Wy hawwe each foar de minsken om ús hinne en fine dat eltsenien meidwaan kinne moat.

Bestuurlijke vernieuwing

Bestjoerlike fernijing

Der is ferlet fan in oare wize fan gearwurkjen tusken de gemeenteried, it kolleezje en de gemeentlike organisaasje én yn de omgong mei ús ynwenners en ûndernimmers. Dat folget út it einferslach fan de ynformateur. Wy wolle trochgean mei it setten fan stappen dêryn en stean foar in transparante en iepen kommunikaasje; ek as wy it op ûnderwerpen net mei-elkoar iens binne. Yn 'e mande mei de gemeenteried, kolleezje, griffy en gemeentlike organisaasje gean wy oan de slach om dat fierder stal te jaan.

Wy fine in goede gearwurking mei ús ynwenners en ûndernimmers wichtich; sadwaande hawwe wy

koartlyn 'Wisselwurk: De Fryske Marren-lijn voor inwoners- en overheidsparticipatie' fêststeld. Wy wurkje al folop gear; dat kin mear en better. Wy wolle sichtber wêze yn de hiele gemeente.

Jongerein wolle wy graach mear belûke by gemeentlike tema's. Wy bringe jongerein mear yn kontakt mei de polityk en fergrutsje harren bewustwurding op it funksjonearjen fan ús bestjoer. De riedswurkgroep 'jeugd' is dwaande mei it meitsjen fan in aksjeplan. Ek út Wisselwurk wei wurdt wurke oan jongereinpartisipaasje; wy sykje de ferbining en gearwurking mei-elkoar.

Organisaasje

De gemeentlike organisaasje is der foar ús ynwenners. In slachfeardige gemeentlike organisaasje is dêr wichtich by. De earder ynsette organisaasjeûntwikkeling is in goede stap, mar dêrmei binne wy der noch net. De fokus leit op ferbining en gearwurking. Advizen moatte lêsbere en begryplik skreaun wurde, wêrtroch't wy better ferbining meitsje kinne, ek mei de wrâld om ús hinne. Wy sette dêrom yn op kwaliteitsferbettering. Om de ambysjes realisearje te kinnen, binne ús goede minsken ûnmisber. Dêrom wolle wy in oantreklike wurkjouwer bliuwe, ek yn de hjoeddeistige krappe arbeidsmerk.

| | |
|----------------------------|----|
| ☉ Lêswizer | 2 |
| ☉ Ynlieding | 3 |
| ☉ Navigaasjeside | 4 |
| ☉ Algemien | 5 |
| ☉ Finânsjes | 7 |
| ● Bestjoer en organisaasje | 8 |
| ☉ Romte | 10 |
| ☉ Ekonomy | 13 |
| ☉ Leefberens en ûnderwiis | 15 |
| ☉ Sosjaal domein | 17 |



Tsjinstferliening en kommunikaasje

Us tsjinstferliening is letterlik ús fisitekaartsje. Mei de koartlyn fêststelde tsjinstferlieningfsisy 2022-2026 ‘Tsjinstferliening, ús nammekaartsje’ wurkje wy oan it trochûntwikkeljen fan ús tsjinstferliening. Wy stean ticht by ús ynwenners. De doarpekoördinatoaren ferfolje dêrby in essinsjele rol yn de kontakten tusken ús doarpen, stêd en de organisaasje.

Wy wolle gjin wichtige besluten nimme, sûnder te witten hoe’t ús ynwenners dêroer tinke. By projekten mei ympakt op de libbensomjouwing gean wy al wikselwurkjend mei-inoar oan de slach en hawwe dêrby omtinken foar elts syn rol, ek dy fan de gemeenteried, yn dat proses.

Iepenbiere oarder en feiligens

De Fryske Marren is in feilige gemeente – sawol fysyk as digitaal – en dat wolle wy graach sa hâlde. Wy hawwe de ynformaasjefeiligens goed op oarder. Op in mooglike cyberkrisis of online oanjage oarderfersteuring binne wy taret. Wy hawwe mei klam omtinken foar ûndermynjen fan de maatskippij en it iepenbier bestjoer. Dat tema komt werom yn it mearjierreplan feilichheid foar de perioade 2023-2026. Agresje en gewelddiedich gedrach tsjin ús bestjoerders, meiwurkers en helpferlieners wurdt net tolerearre en krêftdiedich oanpakt.

Eveneminten

Us gemeente brûst en dat moat ek sa bliuwe. Dêr’t soks kin, meitsje wy it ferlienen fan fergunnings foar eveneminten ienfâldiger. De notiidske wurkwize wurdt troch guon organisatoaren as behinderjend ûnderfûn. Foar weromkommende eveneminten hawwe wy de oanfraach dêrom al makliker makke, troch de by ús bekende ynformaasje al yn te foljen. Dêrmei hoopje wy de organisatoaren wat wurk út hannen te nimmen. Fierder folgje wy de provinsjale ûntwikkelings om miljeu-aspekten oan de fergunningferliening te ferbinen sekuer en hâlde wy each foar de gefolgen dêrfan op lokaal nivo. Periodyk wolle wy ynrynjûnen organisearje om nije ûntjouwings en ûnderfinings te dielen.



Gemeentlike lêsten

Utgongspunt foar de kommende jierren is dat de ûnreplikesaakbelesting (ozb) alle jierren mei maksimaal it trochsneed priisyndekssifer fan it CPB (priis nasjonale besteging en leanfoet sektor oerheid) yndeksearre wurdt.

Fan 2023 ôf hantearje wy foar de betellings fan gemeentlike lêsten 12 moanlikse terminen. Dat jildt foar de lêsten, dy’t foarhinne yn 8 terminen ynbard waarden. Sa spriede wy de lêsten foar ús ynwenners better.

Ferbûne partijen

In foars part fan it útfieren fan gemeentlike taken is ûnderbrocht by ferbûne partijen. Fan 1 july 2022 ôf is de Wet gemeenschappelijke regelingen op ûnderdielen wizige. Dat hat ek ynfloed op de posysje fan de gemeenterieden; dy wurdt better boarge. Om taret te wêzen op it trochwurkjen fan dy wetswizigings op lokaal nivo is koartlyn de Nota ferbûne partijen 2022 ‘In gezamenlijkheid sturing geven aan samenwerken’ fêststeld. Wy folgje dat trochûntwikkeljen op de foet en stjoere op it op ‘e tiid oanleverjen fan de finansjele ynformaasje om dy gegevens kontrolearje te kinnen en wêr nedich (by) te stjoeren. Wy gean troch mei it wurkjen mei riedewurkgroepen. De wurking dêrfan by Empatec is goed befallen.



Romte

De iepen romte fan De Fryske Marren is troch it grutte ferskaat in unike ferbliuwsromte foar ús ynwenners en brûkers. De belevingswearde en takomstbestindigens spylje in wichtige rol by de kwaliteit en it ynstânhâlden fan in duorsume iepen romte. Dêrby slute wy ús eagen net foar de grutte maatskiplike fraachstikken dy't de kommende bestjoersperioade op ús ôfkomme.

Omjouwingswet

De tariedings foar it ynfieren fan de Omjouwingswet binne yn folle gong. De ynfiering is earder útsteld, it yngean is no foarsjoen op 1 jannewaris 2023. In earste stap is set mei it op besjen lizzen fan de ûntwerp omjouwingsfisy. By it opstellen fan it omjouwingsplan



soargje wy derfoar dat de omjouwing der op 'e tiid yn behelle wurdt. Dêrby binne wy kritysk op it behâld fan de kultuerhistoaryske, romtlike en natoerwearden yn it besteande lânskip.

Wenje

Dit is in ûnderwerp dêr't wy dizze bestjoersperioade fol de fokus op lizze. Wenjen moat betelber wêze en tagonklik foar alle doelgroepen. Dit ûnderwerp freget om in planmjittige of programmatyske oanpak, ek bestjoerlik. It aktualisearjen fan de wenfisy wurdt fierder taret.

Mei de oankundige wiziging fan de Húsfêstingswet krije wy aanst mei de Húsfêstingsferoarding yn De Fryske Marren ynstruminten yn hannen om ûnder oaren stjoere te kinnen op wenromteferdieling. Sa wolle wy de lokale wenningmerk lykwichtiger meitsje. Wy meitsje dêrby gebrûk fan de kennis fan it Fries Sociaal Planbureau.

| | | |
|-----------------------|--------------------------|----|
| <input type="radio"/> | Lêswizer | 2 |
| <input type="radio"/> | Ynlieding | 3 |
| <input type="radio"/> | Navigaasjeside | 4 |
| <input type="radio"/> | Algemien | 5 |
| <input type="radio"/> | Finânsjes | 7 |
| <input type="radio"/> | Bestjoer en organisaasje | 8 |
| <input type="radio"/> | Romte | 10 |
| <input type="radio"/> | Ekonomy | 13 |
| <input type="radio"/> | Leefberens en ûnderwiis | 15 |
| <input type="radio"/> | Sosjaal domein | 17 |



Om de wenningneed op te lossen sjogge wy net allinnich nei it bouwen yn de grutte kearnen. Ek yn de lytse(re) kearnen is ferlet fan wenningbou. Wy wolle bouwe neffens skaal en karakter. Primêr gean wy út fan it benutten fan ynwreidingslokaasjes.

De kearnen wolle wy better fasilitearje troch de ynset fan in wenkoördinator, dy't spesifyk foar de wenningbou-opjeften oanwiisd wurdt en dy't de bouplannen yn de wenkearnen begeliedt. Us fokus leit dêrby net allinnich op nijbou. Dêr't soks kin, wolle wy de leechstân oanpakke en it splitsen fan wenten ienfâldiger meitsje.

Dizze tiid freget ek om kreativere oplossings en oplossings wêrby't de gemeente mear fet hâldt op grûnútjefte. Wy wolle de effekten fan flekswenjen, útjefte yn erfpacht en in aktivere grûnpolityk ûnder-sykje. Ek sjogge wy spesifyk nei de mooglikheid fan (bysûndere) wenfoarmen en tiny houses. Fierder wurkje wy ûnder oaren oan in wensoarchfisy en in fisys op de húsfêsting fan ynternasjonale wurknimmers. Wy kinne dat net allinnich en sykje dêr't dat kin nei regionale ôfstimming.

Iepen romte

De ûntwikkelings yn it lanlik gebiet stean net stil; wy fernimme in ferhege druk op de romte. As plattelâns-gemeente wolle wy safolle as mooglik de iepen romte

behâlde. By plannen foarmje de besteande lânskiplike wearden de basis. Dat nimt net wei dat ûntwikkelings mooglik bliuwe moatte. Wy sykje in sûne balâns tusken ekology en ekonomy. Wy gean aktyf yn petear oer ûntwikkelings dy't ympakt hawwe op ús iepen romte. Wy hawwe each foar de kwaliteit; de lânskips-biografy foarmet dêrby ús paadwizer. Utgongspunt is om it beslach op de romte sa beheind mooglik te hâlden.

Om helder te wêzen oer de (takomstige) mooglikheden, fine wy it belangryk dat struktuerfisy – en nei it ynfieren fan de Omjouwingwet de omjou-wingsfisy – op 'e tiid aktualisearre wurde.

Iepenbiere romte

De kwaliteit fan de iepenbiere romte is wichtich. Dy moat binnen de beboude kom feilich en kreas wêze, it bioferskaat stimulearje, bydrage oan de natoerwearden en oan de klimaatbestindigens. Dat belang moat weromkomme yn de te ûntwikkeljen Grienfisy; allyksa de wize dêr't wy dat belang yn de takomst op boargje. Wy wolle yntiids finansjele middels reservearje foar behear en ûnderhâld en ûndersykje hoe't dat it bêste kin. Yn it Klimaataakkoart is ôfpraat dat Ryk en provinsjes mei-elkoar in Boskestrategie opstelle. De haadlinen (ambysjes en doelen) binne ûnderwylst bekend en wy wolle de lokale gefolgen dêrfan meinimme yn ús fisys op grien.

Lânbou en stikstofproblematyk

De agraryske sektor is in belangrike pylder foar ús gemeente en wurdt mei in soad útdagings konfrontearre. Mei de sektor sykje wy nei perspektyf en oplossings, bygelyks troch aktyf mei te tinken oer it omskeakeljen nei foarmen fan duorsume – lykas mear ekstinsive – lânbou. Ek hawwe wy each foar de maatskiplike effekten fan de feroarings yn dy sektor. Wy ûnderkenne de hjoeddeistige problematyk en opjefte. Dat freget om maatwurkoplossings op it mêd fan ynnovaasje, bioferskaat en takomstbestindigens.

Wy meitsje ús ûnfermindere soargen oer it yntinsyf brûken fan gewaaksbeskermingsmiddels en folgje de ûntwikkelings op de foet. It foarûntwerp Paraplubestemmingsplan Gewasbeskermingsmiddelen en Spuitvrije zones hat op besjen lein. De reaksjes wurde brûkt om foar de takomst in fierdere ôfwaging te meitsjen.



Feangreide

Mei it Feangreideprogramma 2021-2030 *'Foarút mei de Fryske Feangreiden'* wurdt besocht om te kommen ta in duorsum ûntwikkelingsperspektyf foar in oantreklik en leefber feangreidegebiet. Mei it Wurkplan 2022 wurdt werklik úteinset mei de oanpak fan de feanproblematyk. Dat tema stiet noch altyd heech op de bestjoerlike agenda en dêr sille wy – lykas yn de foarige bestjoersperiode – in aktive en ferbinende rol yn spylje.

Duorsumens

Yn de ôfrûne bestjoersperiode binne it Duorsumensprogramma, it Beliedsramt *'Sinnefjilden 2020'* en de Waarmtefisy *'De Fryske Marren aardgasvrij'* fêststeld. Ambisjeuze dokuminten, dy't sawol op bestjoerlik as organisatoarysk nivo freegje om in soad ynset oangeande de (fierdere) útfiering.

Foar it Beliedsramt Sinnefjilden sjogge wy kânsen om yn alle gefallen stevich yn te setten op de earste trije trêden fan de sinneljedder. Wy sjogge mooglikheden foar in ferkenning nei it opwekken fan enerzjy op ryksgrûnen en sjogge mei nijsgjirrigens nei de mooglikheden fan it programma *'Opwek Energie op Rijksgronden'*. Fierder moedigje wy lokale inisjativen oan, stimulearje wy de oprjochting fan enerzjy-koöperaasjes en meitsje wy in útfieringsstratêge *'zon op daken'*. Wy hechtsje oan in duorsume ekonomy

foar de takomst. Wy binne ús der oars fan bewust dat yn de fierdere takomst de opbringst fan sinne-enerzjy net genôch wêze sil mei it each op de doelstellings nei 2030. Undersyk nei alternativen bliuwe dêrom fan belang.

Wy binne ús bewust fan de gefolgen fan enerzjy-earmoed. Net allinnich wurdt de ynset fan Tûk Wenjen en de enerzjycoaches oanhâlden, mar ek yntinsivearje wy it oerlis mei wenningkorporaasjes op dit ûnderwerp en ferkenne wy de mooglikheden fan provinsjale regelings op dit mêd.

Wy sette yn op mear iepenbiere laadmooglikheden foar elektrysk ferfier.

Us stânpunt oangeande gaswinning is net feroare; wy bliuwe by ús ferset tsjin gaswinning.

Ferkear en ferfier

Wy binne yn ôfwachting fan in risiko-analyze fan it folsleine wegenet yn De Fryske Marren. Op grûn dêrfan wurdt in útfieringsprogramma opsteld mei in palet oan maatregels foar de wegen mei it grutste risiko op ûngemakken. Foar ferskate maatregels is 50% rykssubsydje mooglik.

Feilige fytsrûtes yn ús gemeente fine wy belangryk. Dêr leit ek in relaasje mei de risiko-analyze wegenet

De Fryske Marren. Wy sette ús derfoar yn dat fytspaden breed genôch binne, sadat fytsers elkoar feilich foarbygean kinne. Wy stean in ynterge-meentlike gebiedsgerjochte oanpak foar, sadat wy bygelyks ek fuortendaliks meters meitsje kinne yn de oanpak fan riolearrings en foarsjennings foar de wetterhúshâlding. Wy sette yn op it folslein sluten fan it fyts- en kuierpadennetwurk.

Mei oare gemeenten sette wy yn op tûke oplossings en oare wizen fan ferfier, sadat wenjen yn ús doarpen oantreklik bliuwt.

Dat allegearre kin ynput wêze foar it aktualisearjen fan it ferkears- en ferfiersplan.

Untwikkeling Lelyline

As de Lelyline der komt, dan binne wy aktyf belutsen by de gefolgen fan dy komst foar De Fryske Marren. Te tinken falt oan de diskusje oer it trasee, de ynset op in akwadukt by de Skarster Rien en in stasjon op ús grûngebiet.



Ekonomy

De Fryske Marren stribbet nei in krêftige, ynnovative en takomstbestindige ekonomy dy't in bydrage leveret oan in oantreklik wen- en leefklimaat. In duorsume ekonomy mei in posityf ûndernimmersklimaat en in grut ferskaat oan bedriuwen.

Rekreaasje en toerisme

De Fryske Marren hat de rekreant en toerist oangeande kultuer, natoer, wetter en lânskip in soad te bieden. Rekreaasje en toerisme foarmje dan ek ien fan de belangrykste pylders fan ús lokale ekonomy. Der is ferline jier in konsept Programma rekreaasje en toerisme De Fryske Marren opsteld, dêr't De Fryske Marren as in oantreklike en kwalitative rekreaasjemeente yn presintearre wurdt en dêr't noch in tûke groei mooglik is. Foarsjoen fan in reaksjenota en eventuele oanpassings komt dat programma op koarte termyn yn de gemeenteried foar debat.

Programmearring bedriuweterreinen

De bedriuwekontaktfunksjonarissen binne in belangrike skeakel tusken gemeente en ûndernimmers, ûndernimmers ûnderelkoar en ûndernimmers en oare maatskiplike partijen. Harren ynset is benammen rjochte op behâld en groei fan de bedriuwen en de dêroan keppele wurkgelegenheid.



| | | |
|-----------------------|--------------------------|-----------|
| <input type="radio"/> | Lêswizer | 2 |
| <input type="radio"/> | Ynlieding | 3 |
| <input type="radio"/> | Navigaasjeside | 4 |
| <input type="radio"/> | Algemien | 5 |
| <input type="radio"/> | Finânsjes | 7 |
| <input type="radio"/> | Bestjoer en organisaasje | 8 |
| <input type="radio"/> | Romte | 10 |
| <input type="radio"/> | Ekonomy | 13 |
| <input type="radio"/> | Leefberens en ûnderwiis | 15 |
| <input type="radio"/> | Sosjaal domein | 17 |



Gemeente De Fryske Marren en gemeente Súdwest-Fryslân hawwe koartlyn regionale ôfspraken makke oer de ûntwikkeling fan de bedriuweterreinen Súdwest Fryslân foar de perioade oant 2030. Om de ekonomy yn dizze regio te fersterkjen is it needsaaklik om mear balâns te kreëarjen yn fraach en oanbod fan bedriuweterreinen. In kwantitatyf en kwalitatyf foldwaande oanbod fan terreinen, ôfstimd op de fraach fanút de merk. Dêrneist wolle wy sunich omgean mei de romte. Ek dêr gean wy primêr út fan it benutten fan ynwreidingslokaasjes. Dêryn past it om kritysk te sjen nei de kwaliteiten fan besteande terreinen en de leechstân fan gebouwen of terreinen en dy optimaal te benutten. Wy sette ús yn foar it takomstbestindich meitsjen fan ús bedriuweterreinen. Dêrta sille wy oanslute by regionale en lanlike fersnellingsprogramma's foar it ferduorsumjen fan bedriuweterreinen.

Sosjaal-ekonomysk belied

Yn 'e mande mei de ûndernimmers en partijen út it maatskiplik fjild gean wy oan de slach mei it opstellen fan nij sosjaal-ekonomysk belied. Dêrby besjogge wy ek mei it bedriuwslibben wat der nedich is foar it ekonomysk werstel nei koroana en wat wy dêryn as gemeente betsjutte kinne. Mei de winkellju en hoareka sille wy sjen wat wy mei-elkoar dwaan kinne om de sintra libbend en ekonomysk rendearjend te hâlden. Untwikkelings dy't net winsklik binne, lykas

leechstân fan winkelpannen en (oare) maatskiplike effekten fan koroana, freegje om in aktuele fisyske detailhandel yn de trije grutte kearnen fan De Fryske Marren mei in regiofunksje.

Wy pakke in regyrol yn de ferbining tusken ûnderwiis, ûndernimmers en oerheid. Wy wolle bedriuwen en jongerein de kâns jaan om harren fierder te ûntwikkeljen. Dêrby wurdt – mei troch de effekten fan de koroanakrisis – neist middelbere skoalbern spesjaal omtinken jûn oan de mbû-studenten en oan minsken

mei in ôfstân ta de arbeidsmerk. De ynset is om jongerein te behâlden foar ús regio.

Wy stean foar in freonlik ûndernimmersklimaat. De gemeente sil it mkb helpe om oan te sluten by de sirkulêre ekonomy: tûke gearwurking yn in sletten keatling; minder ôffal, mear wergebrûk, minder enerzjyferbrûk en mear duorsume opwekking binne dêrby de kaaiwurden.



Leefberens en ûnderwiis

De gemeente hat mar leafst 50 karakteristike doarpen en de prachtige stêd Sleat. Eltse kearn hat syn unike karakter en spesifike kwaliteiten. Wy hechtsje in soad wearde oan de leefberens yn de stêd en doarpen. Dêrom sette wy ús yn foar fitale doarpsmienskippen, goede (basis)foarsjennings, goed ûnderwiis en genôch oanbod fan sport, keunst en kultuer.

Foarsjennings yn de doarpen

Doarpshuzen en oare ferlykbere akkommodaasjes ferfolje in wichtige ferbinende funksje yn de doarpsmienskippen. Ek binne se belangryk by it útfieren fan ús sosjaal belied, bygelyks by it bestriden fan iensumens en it befoarderjen fan sosjale koheezje. Wy wolle dêrom it belied foar dizze foarsjennings aktualisearje yn it nije maatskiplike akkommodaasjebelied om derfoar te soargen dat se dy funksje op termyn ek bliuwend ferfolje kinne.

De doarpekoördinatoaren hâlde in belangrike knierfunksje tusken doarp, stêd en gemeente, lykas koartlyn fêstlein yn de nije tsjinstferlieningfsisy.

De realisearje fan Brûsplak De Jouwer wurdt mei faasje oppakt, sadat de foarsjenning yn dizze riedsperioade yn gebrûk nommen wurde kin. Fierder ûndersykje wy de mooglikheden foar it realisearjen fan in MFC yn Balk.



| | |
|----------------------------|----|
| ☉ Lêswizer | 2 |
| ☉ Ynlieding | 3 |
| ☉ Navigaasjeside | 4 |
| ☉ Algemien | 5 |
| ☉ Finânsjes | 7 |
| ☉ Bestjoer en organisaasje | 8 |
| ☉ Romte | 10 |
| ☉ Ekonomy | 13 |
| ● Leefberens en ûnderwiis | 15 |
| ☉ Sosjaal domein | 17 |



Keunst en Kultuer

Us gemeente is ryk oan keunst en kultuer. Wy stean foar in ambisjeuze útfiering fan it nije beliedsplan ‘Kunst stroomt’, mei each foar ús rike ferieningslibben.

Sport

Sporte en bewege is foar elk syn sûnens letterlik fan libbensbelang. Sportferienings spylje dêrby in grutte rol, ek foar de leefberens yn ús kearnen. Sportbedriu De Fryske Marren is folop yn ûntwikkeling; wy ûndersykje hoe’t wy positive sûnens mei-elkoar fierder op de kaart sette kinne. De koroanakrisis hat sjen litten

wat de risiko’s binne as harren rol (en it sporten) yn ‘e knipe komt. De koartlyn fêststelde nota ‘Scoren door samenspel’ fertsjinnet dêrom in flotte útfiering. By it jierliks fêst te stellen aksjeplan sport en bewege sil oandacht wêze foar sporten foar eltsenien, bygelyks troch oan te sluten by it Folwoeksenefûns Sport en Kultuer.

De jongerein moat leechdromplich gebrûk meitsje kinne fan it sport- en kultueroanbod yn ús gemeente. Wy soargje foar genôch budzjet yn it Jongereinfûns Sport en Kultuer.

Frysk taalbelied

Wy sille in nij ambisjeus en aktyf Frysk taalbelied ûntwikkelje, dat ek ympakt hat bûten de gemeentlike organisaasje sels. It rekket ek de organisaasjes dêr’t wy in binning mei hawwe; te tinken falt oan ûnderwiis, pjutte-opfang/VVE, biblioteek, wolwêzensorganisaasjes ensfh. By de ûntwikkeling meitsje wy gebrûk fan de plende evaluaasje fan it taalbelied. Stipe troch de provinsje Fryslân en goede praktykûnderfinings by oare gemeenten sille ús dêrby helpe.

Underwiis

Wy hechtsje wearde oan in takomstbestindich, oantreklik en in kwalitatyf goed ûnderwiisoanbod, passend foar elke learling. Dêrby ynvestearje wy yn duorsume húsfêsting, yn kânsegelikens en it foarkommen fan útfal. De rol dy’t it ûnderwiis spilet yn it sosjaal-maatskiplik wolwêzen fan de jongerein moat net ûnderskat wurde. It ûnderwiis befluorret de rûte foar jeugd en jongerein nei it folweardich dielnimmen oan de maatskippij. De relaasje mei de útfiering fan ús sosjaal belied – noch fersterke troch de effekten fan de koroanakrisis – is dêrmei dúdlik. It goede kontakt mei de ûnderwiispartners moat koestere wurde en fersterke dêr’t dat kin.



Sosjaal domein

Yn De Fryske Marren kinne alle ynwenners meidwaan en har ûntploaie. Wy stean foar in sterke en dragende maatskippij mei goede en tagonklike basisfoarsjennings, dêr't elkenien neffens fermogen yn meidocht; de ynklusive maatskippij. Wy wurkje hieltyd yntegraler en betinke oplossings om ynwenners te stypjen om dielnimme te kinnen oan de maatskippij.

Yn de ôfrûne bestjoersperioade binne in nij beliedsplan Earmoed en Skulden 2020-2025, it Sûnensbelied 2020-2024, in beliedsplan Wmo, in beliedsplan Partisipaasje en Reyntegraasje, Ynklúzjebelied (*'Notitie ledereen doet mee: de inclusieve samenleving'*) en – mei it each op de Wet Ynboargering – it beliedsplan *'Welkom in De Fryske Marren 2022-2025'* fêststeld. Dêrmei hawwe wy in modern, aktueel sosjaal belied.

Wurk en ynkommen

Wy hawwe noed oer de groeiende kleau tusken earm en ryk; de ynkommensûngelikens groeit. Wy hawwe each foar de sosjale gefolgen fan de skuldeproblematyk en sjogge út nei de evaluaasje fan ús minima-belied, sadat wy fan de útkomsten dêrfan leare kinne. Earmoed draacht net by oan positive sûnens en it goed meidwaan kinne yn de mienskip. Wy wolle in fangnet biede foar de kwetsberste ynwenners. Wy hâlde fêst oan it ynsetten op it ier sinjlearjen en

soargje derfoar dat de doelgroep bekend is mei de regelings dy't fan tapassing binne.

It besteechber ynkommen sacket troch ûnder oaren de tanimmende enerzjykosten. Mei it each op in mooglike beliedsoanpassing wolle wy ûndersykje wat de beliedsmjittige en finansjele effekten binne fan it ferromjen fan de ynkommensnoarm foar bysûndere bystân nei 130% en by de minimaregeling nei 120% fan de tapaslike bystânsnoarm.

Mei belangstelling sjogge wy út nei it ûndersyk fan de Rekkenkeamer, wêrby't ûndersyk dien is nei de doelmjittigens en doeltreffendheid fan de útfiering fan de Partisipaasjewet. Yn dat ûndersyk leit de fokus op de romte dy't gemeenten hawwe binnen de wetlike ramten fan de Partisipaasjewet en oft dy romte yn De Fryske Marren doeltreffend brûkt wurdt. Wy gean graach oan 'e gong mei de hânfetten dy't dat ûndersyk ús biedt.

| | |
|----------------------------|----|
| ☉ Lêswizer | 2 |
| ☉ Ynlieding | 3 |
| ☉ Navigaasjeside | 4 |
| ☉ Algemien | 5 |
| ☉ Finânsjes | 7 |
| ☉ Bestjoer en organisaasje | 8 |
| ☉ Romte | 10 |
| ☉ Ekonomy | 13 |
| ☉ Leefberens en ûnderwiis | 15 |
| ● Sosjaal domein | 17 |



Wurklearbedriuw

Wy stean oan de foarjûn fan de trochûntwikkeling fan Empatec nei in wurklearbedriuw om safolle mooglik ynwenners nei wurk te begelieden en de ferbining mei it bedriuwslibben te ferbetterjen. Troch dy trochûntwikkeling ûntstiet in duorsum en takomstbestindich bedriuw. It is wichtich dat de stjoering út de gemeenterieden wei goed boarge is en dat de ried goed belutsen bliuwt by dy ûntwikkeling. Dizze doelgroepen fertsjinje omers in weardefol plak yn ús maatskippij.

Jeugd en jongerein

Wy stribje nei in feilich en fertroud plak foar alle bern yn ús gemeente, dêr't sy de help krije dy't sy fertsjinje. Dêryn spylje ûnder mear de sosjale wykteams, it jongereinwurk, it ûnderwiisfjild en ferienings in wichtige sinjalearjende rol.

Wy sjogge út nei it jongereinkeatlingbelied en in enerzjike útfiering dêrfan.

Sûnens

Sûnens is mear as 'net siik wêze'. Sûnens giet ek oer meidwaan yn de maatskippij, sinjouwing en dy goed fiele yn de omjouwing dêr'tst libbest. Dy brede blik wurdt positive sûnens neamd en stiet sintraal yn ús sûnensbelied.

Us trochsneed leeftiid wurdt hieltyd heger en it tal âlderen yn ús maatskippij nimt dêrtroch ta. Sadwaande stean wy de kommende jierren foar in maatskiplike opjeffe. Ek al binne in soad minsken boppe de 75 noch fitaal, der komme yn de takomst hieltyd mear minsken mei in groanyske oandwaning. Ek it tal ynwenners mei demintens sil de kommende jierren flink omheech gean. Dêr gean net allinnich grutte soarchkosten mank mei, mar der wurdt ek in hieltyd grutter berop op mantelsoargers dien. Wy wolle in fisy ûntwikkelje om in demintensfreonlike gemeente te wurden. Dêrby sjogge wy nei de

resultaten yn oare gemeenten, dy't bygelyks wurkje mei in leechdrompelige ynrinfoarsjenning lykas it Odensehûs.

In grut part fan ús âlderein fielt him iensum. De fysike en sosjale libbensomjouwing spilet dêr in grutte rol yn. De foarsjennings yn de doarpen en it inoar moetsje kinnen binne wichtige aspekten, dy't bydrage oan it langer – op noflike wize – thúswejen kinne. Dy aspekten nimme wy mei yn it te ûntwikkeljen maatskiplik akkommodaasjebelied yn gearspraak mei de belange-organisaasjes.

